Monkeys dilemma

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 047 2
1e printinge 2018
© 2018, Eize de Boer

Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
Til: 058 - 289 48 57
www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Monkeys dilemma

Eize de Boer

Elikser
UITGEVERIJ

Foar Jannet

Haadstik ien Krisis

In mistige moandeitemoarn yn maart. Der is amper hûndert meter sicht en it is glûpende kâld. De echte winter mei dan belies jûn hawwe, de maitiid is yn 'e fierste fierte noch net op kommendewei, sa't it hjoed liket. Ik wurd noait fleurich fan sok waar. En no, hjir bûtenút op 'e fyts en yn dizze tastân, al hielendal net. Dreech fyn ik it, in heikerwei wurdt it foar my.
It is 1984. De krisis hat ús lân ûnder de kwint en elk hat it deroer. Krisis, krisis en nochris krisis. Alle dagen en alle oeren wer. Krisis, ik kin dat wurd net mear ferneare. De minsken prate elkoar op sa'n manier de bedelte yn. As it allegear wat minder giet, hoege je dêr dochs net manmachtich sa swartgallich oer te dwaan. Dêr wurdt it ommers allinnich mar minder fan. Krisis, allinnich dat praat al, gek wurd ik derfan. Dit moat ophâlde, leaver hjoed as moarn.

Tanja sei dat ik de auto mar nimme moast, no't it fan dat ûnmooglike waar is. Mar dat ferpof ik. Ik bin net fan sûker. Ik kin wol fytse. Fyftjin kilometer hinne en fyftjin werom. Wat jou ik dêr om. Boppedat sparje ik der in pear mingels benzine mei út en dat is moai meinommen yn dizze krappe tiid. Alle bytsjes helpe op 't heden.
Ik bin net op myn bêst, no't ik wer foar it front moat. Ik soe bliid wêze moatte, no't ik útnûge bin foar in petear. Dat is yn dizze tiden al hiel wat. Mar ik bin net bliid. Krekt oarsom, ik sjoch der tsjinoan as tsjin eksamen dwaan. It hat in strieminne nacht foar my west en ik haw fan 'e moarn al fjouwer kear op it húske sitten te stinnen. Sûnder in soad resultaat trouwens.

Ik kin mysels net ferkeapje, dat is 't him. Ik kin bêst wol wat, al sis ik it sels. Ik bin wol handich, fernimstich, kreatyf en wat al net mear. En ik bin perfoarst net ûnnoazel. Mar om myn feardichheden mei in moai en oannimlik ferhaal oan in oar te presintearjen, dat leit my net. Op dat stik fan saken bin ik in grutte kloat.

Mar no moat ik der wer foar. Nei in safolste sollisitaasjebrief krige ik lang om let dochs werris in posityf antwurdbriefke werom. Koart en saaklik wie it, mar ek dúdlik. Oft ik moandeitemoarn om tsien oere op 'e saak komme woe foar in petear. "Wy ferwachtsje jo. Mei achtinge, B. Woudstra, direkteur Brewo b.v."
Ik kom mei grut gemak op tiid. Mar om waarm te bliuwen hâld ik it tempo der yn. Byneed fyts ik aanst noch in ekstra slach troch de stêd, mocht ik fierste betiid wêze. Dat it krekt op dizze dei sok ûnfatsoenlik rotwaar wêze moat. Ek dat noch.
Op 'e Ryksstrjitwei binne in stikmannich automobilisten dy't my klaksonearjend groetsje. Ik herken in pear doarpsgenoaten en de man fan it gasbedriuw. Ik stek hieltyd in hân omheech en besykje dan sa fleurich mooglik te sjen. Dat is in hiele toer. Letter, al mei de earste stedswiken yn sicht, fljocht my lûd klaksonearjend in read Renaultsje Fiif foarby. As ik sjoch wa't it is, moat ik dochs suver efkes wat gnyskje. It is Dilly, Tanja har kollega fan 'e Spar-supermerk by ús yn it doarp. Dilly, eigenlik soe se Delilah hjitte moatte, seit Tanja altyd. Dilly, wylde Dilly. En dan al dy ferhalen oer har. En dat geflikfloai mei de Koekjemûs yn it flessehok fan 'e winkel. Soks giet allegear troch my hinne as ik in hân opstek nei Dilly. En it slagget my diskear eventsjes om echt te laitsjen.

Mar de stêd hat my al yn syn kloeren. Ik fiel my krekt as bin ik yn in fijannich gebiet, as ik it bedriuweterrein opfyts dêr't Brewo b.v. te finen wêze moat. Al dy grize gebouwen yn dizze kâlde dize. It liket hjir wol oarloch. Yn 'e hel kin it noait folle minder wêze as yn dizze ûnhuere oarde. Al rillegau haw ik it sochte bedriuw yn 'e kiker. It gebou eaget wat sjofel en it terrein deromhinne is rommelich. Ik kom net al te tichtby, want ik bin noch fierste betiid. Ik moat earst noch mar in rûntsje troch de stêd fytse. Yn alle gefallen wit ik no wêr't ik wêze moat. It griist my oan.
Ik sil keare, mar sjoch in gleonhastige fytser oer de holle. Roerlings sûzet er foar my del. It giet noch krekt goed. In rychje flok- en skelwurden krij ik fan 'e passant op myn boardsje. It lêste is 'mongoal'.

In fûch kertier letter fyts ik opnij it bedriuweterrein op. Noch bin ik te betiid, mar ik weagje it der no mar op. Op it parkearterrein fan Brewo b.v. steane in Saab, in Kadett, twa Golfkes, in Kever, in âlde Toyota en in nustje fytsen. De Saab is fan 'e baas, skat ik yn. Ik set myn fyts yn it rek by de oare fytsen en stap mei kilo's lead yn 'e skuon op 'e besikersyngong fan it bedriuw ôf.
Ienkear oer de drompel rin ik nei de baalje ta. "Bezoekers hier melden," stiet der yn grutte letters boppe. In pylkje jout oan wêr't de drukknop fan 'e skille te finen is. Mar ik hoech net mear te drukken. It frommeske dat yn in hoekje efter in elektryske skriuwmasine sit hat my al sjoen en komt oerein. "Jo komme foar menear Woudstra, nim ik oan?"
"Ja...," sis ik wat skruten. "Ik bin eigenlik wat te betiid, mar..."
"Ik sil him foar jo oproppe."
Se rint nei de telefoan en sprekt in boadskip yn. "Hjir is dy man foar jo," hear ik har sizzen.

“Hy komt hjirhinne,” seit se as se de hoarn delleit. “Jo meie wol even sitten gean.”
It giet my suver hurd genôch. Ik haw amper gelegenheid hân om hjir wat om my hinne te sjen. Mar oant no ta falt it my hjir net ôf. As it efter de skermen ek sa is, dan is dit miskien wol wat.
In doar fljocht ûnferhoeds iepen. In frij grouwe man fan in jier as fyftich komt op my ta. Hy fûstket koart en krêftich mei my. “Woudstra. Dêr bist al.”
Nei’t ik myn namme ek sein haw, kom ik daliks mei in ekskús. “Ik bin noch wat te betiid, mar…”
“Better te betiid as te let. Kom mar mei.”
Ik folgje him troch in smel gonkje. Oan ’e ein sit in doar, dy’t er iepenlûkt. “Tink om it ôfstapke,” warskôget er noch. Mar dy warskôging komt te let. Stroffeljend kom ik yn it folgjende fertrek telâne. Mei hâlden en kearen kin ik it krekt op fuotten hâlde. Ik stek de earms yn ’e loft om myn lykwicht wer te finen. It moat in kolderyk gesicht wêze. Ik fiel my hjir folslein foar idioat stean. Wy binne yn ’e kantine, sa docht bliken. It is noch kofjeskoft.

Haadstik twa Thús

De sinteraasje is it slimste net. De krisis hat wol in flink gat yn ús budzjet slein, mar wy rêde ús noch knap. Ik bin bêst handich en boppedat fernimstich en kreatyf, al sis ik it sels. Mei ludike oplossingen en tûke reparaasjes kin ik ús libben betelber hâlde. Dêr komt noch by dat ús manier fan libjen altyd frij sober west hat. Wy hawwe noait minsken west fan djoer gedoch en lúkse. En no, yn dizze benearjende rottiid, is dat in útkomst. Och ja, wy meitsje der wol wat fan, Tanja en ik en ús beide bern.

Wy wenje yn in ienfâldich hoekwenninkje út 1954 oan 'e Dûbele Wei 36. Yn 1977 hawwe wy it mei wat finansjele help fan Tanja har âlders kocht. In gonkje mei in wc, in wenkeamer, in keukentsje, trije sliepkeammerkes, in simpele dûssel, in oerloopke en in souderke dat mei in flizotreppen te berikken is, dat is 't sawat. De foarige bewenner hat der in houten bykeukentsje byboud, dat dy namme eins net hawwe mei. It is mear in klompehokje. Mar al mei al kin dit it ús wol dwaan. Wy binne der wiis mei. Op it royale hiem, wy hawwe fjouwerhûndert kante meter grûn, stiet in âlde houten garaazje, dy't wy 'hok' neame.
Njonken ús op nûmer 38 yn in frijsteand hûs wennet buorfrou Tine, in widdofrou fan 76, dêr't wy tige goed mei kenne. Oan 'e oare kant op nûmer 34 wenje de Dykstra's, in al wat âlder pear, dat opfallend ûnopfallend is. Wy hearre inkeld ris fuotstappen op 'e treppen of it tichtdwaan fan in doar. Mar fierders fernimme wy dy minsken amper. Der is trouwens neat mis mei de buorlju Dykstra. Wy neame se 'de grizen'.

Foar ús oer yn 'e strjitte hawwe wy noch de measte kunde oan Oane en Lys, dy't in jier as tsien âlder binne as ús. Fan Oane krij ik wolris wat autotydskriften te lêzen. Hy wit dat ik dêr fol fan sit en hy begrypt dat wy oan soks op 't heden net in soad jild útjaan kinne.

Krapoan twa jier lyn is it no. De sfear op it wurk hie ik al skoften driigjend fûn. Mar ik hie altyd wol wat hope dat ik bliuwe koe. Wy hiene nettsjinsteande de mindere tiden noch hieltyd ridlik wat wurk en ek foar de takomst like it net striemin. En ik wie dan miskien gjin topper, ik hie myn spesjalismen dêr't de liedingjouwenden wakker wiis mei wienen, sa't se seinen. Ik koe omraak tekeninglêze en foar de einkontrôle fan ús produkten wie ik in ûnmisbere skeakel, hie bedriuwslieder Folkertsma my al in kearmannich sein. "Do bist goud wurdich foar de saak."
Yndied hie 'k it bedriuw faker as ien kear foar in rampke bewarre, doe't ik as einkontroleur noch rare missers bleatlei. Mar blykber wie ik dochs net goed genôch. Doe't Stalkanto, fabrikant fan stielen kantoarmeubilêr, yn 1982 as gefolch fan 'e ynsakke ferkeap tsien minsken kwyt moast, wie ik dêr ek by. Sa'n dreun hie 'k noch noait earder hân.
De baas hie der sichtber in soad muoite mei om it my te sizzen. Dat sierde him. Evensagoed kamen syn wurden by my oan as in heiblok op in peal. Dagenlang haw ik fan 'e mik west. Bytiden wie ik folslein fan 'e wrâld. Wêrom? Wêrom ik? Ik begriep it net en koe it net akseptearje.
Mar nei in pear strieminne wiken waard alles dochs wat oars en ek wat better. Tanja hat my op myn donder jûn en sein dat it sa net langer koe. Dat der net mear mei my om te gean wie en dat ik sa in ûnmooglike heit foar ús bern wie. Dêr hat se my úteinlik perfekt mei holpen, al dienen har wurden my

earst ferrekte sear. De wierheid hie in skel lûd. Mar ik seach yn dat it oars moast.

No bin ik hast twa jier wurkleas. Yn dat skoft haw ik fiif kear tydlike baantsjes as útstjoerkrêft hân, dat noch wol. Mar nei trije of fjouwer wiken, as myn wurk op wie, koe ik dan wer opdrosse. En dêr wurde je net fleurich fan.
Measteniids bin ik no dus thús. It is net oars. Ik haw it ûnderwilens min ofte mear akseptearre en hoopje mar dat de bettere tiden oait wer komme. Mar ik hâld in soad muoite mei minsken dy't my hufterich behannelje. By Dopma's Boumerk yn ús doarp kom ik net mear. "Hast wer even in putsje?" sei dy âldwivige Koos Dopma alle kearen by it ôfrekkenjen wer. En steefêst kaam dêr dan efteroan: "Hast it wól oan tiid." Dus helje ik no myn plankjeboel, spikers, skroeven en pluggen by 'Het Klushuis' yn Westerbuorren. Wat mient dy rudige Dopma wol net, dy weakskiter.
En dan dy aaklike Doede Drogist. Wat is dat in hurdkop. As soe er persoanlik myn útkearing betelje, sa sjocht er my dan oan by syn smeulske praatsjes. "It is moai dat soks yn ús lân sa goed regele is. De wurkjenden soargje derfoar dat de net-wurkjenden ek genôch krije."
Ik haw dy kleffe Doede yn gedachten al faak in swiere ûntploffing tawinske. Dat syn hiele binnenboel dêr op dy suterige toanbank leit te brobbeljen, dat liket my geweldich ta. By sa'nien kom ik noait wer yn 'e winkel. Leaver pineharsens as pynstillers fan Doede.

Gelokkich, der binne ek oaren. Fimme en Jet Douwenga fan 'e Spar binne my eins wat te grifformeard. En Fimme is en bliuwt in echte winkelman. Mar wat wier is, moat wier bliuwe: Fimme en Jet hawwe ús wakker holpen.

Yn 'e tiid dat ik út it wurk rekke, wie de renovaasje fan ús pleatslike supermerk al útein setten. Doe't Fimme en Jet hearden hoe't it lân der by ús hinne lei, hawwe se dêr wat mei dien. Se hawwe dêr hiel goed op ynspile, fine wy. Fan de reorganisaasje hawwe se wat earder as de bedoeling west hie, wurk makke. Dat hie fan gefolgen dat Tanja al frij gau nei myn ûntslach folle mear oeren krige yn de fernijde supermerk fan Fimme en Jet. Fan tolve gie se nei fjouwerentweintich oeren wyks.
Wy wiene as bern sa bliid mei dy ferdûbeling. Dy grifformeardens naam ik tenei graach foar leaf. Ik skamje my no noch wolris wat, dat ik dêr eartiids bytiden fiks op ôfjoech. Nee, my hearre je net wer 'fine Fimme' sizzen. Hy en Jet meie dan knap 'yn 'e Heare' wêze, se libje der teminsten nei.
En se hawwe no in hypermoderne winkel, dat mei ek sein wurde. Sa'n Spar-supermerk mei alles derop en deroan plus ek noch sa'n klanteservicebaalje, dat is yn dizze tiid foar in middelgrut doarp yn Noard-Nederlân in unike foarsjenning.

Hege sprongen kinne wy net meitsje. Mar mei myn útkearing en Tanja har Spar-lean kinne wy noch ridlik troch de tiid komme. Bytiden wurde wy ek wol wat holpen. Sa meie wy út en troch in wykein of in deimannich gebrûk meitsje fan in simmerhûs yn Dwingeloo. It is fan Tanja har omke Repke en tante Wikje, minsken sûnder bern. As se sels net yn har simmerhûs binne of der binne gjin hierders, dan meie wy der yn. Fergees. As tsjinprestaasje knippe wy de hagen, meane it gers, himmelje de goaten, dogge wat lytse ûnderhâldskerweikes of reparaasjes en litte binnen en bûten alles altyd himmel en kreas efter. Dat moat ek wol,

want omke Repke is in sekuer mantsje en tante Wikje is skytskjin. Mar it binne poerbêste minsken.

No't ik thús bin en Tanja mear oeren krigen hat, haw ik in part fan it húshâldlik wurk en in stikje soarch foar de bern op my nommen. Mar 'húsman' wol ik foar gjin nochsafolle neamd wurde. Ik fyn dat sa'n ûnhuer weitenhinnewurd. By in húsman moat ik tinke oan sa'n flauwe klier mei in skelk foar, dy't sjongend efter it oanrjocht stiet te pankoekbakken. No, dan sit ik dochs wat oars ynelkoar. In wurkbank leit my folle better as in oanrjocht.
Mar hoe dan ek, wy komme troch de tiid. De iene dei is de oare net en al dy berjochten oer ûntslaggen en besunigingen meitsje my net bliid. Mar ik lit my der net mear ûnder krije. Dat hoopje ik teminsten mar. Want ik bin ik. Mar ik besykje der fan út te gean dat de sinne oait wer foar ús skine sil.

Haadstik trije Frijheid

"Goeiemoarn," is it iennige dat ik sis, as ik mysels wer yn balâns haw.
Der komt amper in reaksje op. In pear mûlen grommelje my wat ûnfersteanbers ta. Mar fierwei de measten swije en kôgje ûnfersteurber troch. Ik sjoch njoggen of tsien manlju yn overals oan in tafel mei bôletrompkes en kofjebekers sitten. Se stoarje my oan as kom ik fan in oare planeet. Ik wit net wêr't ik sjen moat. Djip ûngelokkich fiel ik my. Gelokkich duorret dizze gong troch de hel mar in pear sekonden. Woudstra hat al in folgjende doar iepenlutsen. Gau gean ik him efternei. De frijheid yn, sa fielt it.

Wy binne no yn in griis kantoarfertrek. Woudstra knopet syn kolbertjaske los en giet op 'e stoel efter it stielen buro sitten. Hy wiist my op 'e oare stoel, dy't dêr foaroer stiet. "Nim plak. Kofje?"
Ik knik mei in freonlik glimke. "Ja, graach."
Hy drukt op in knopke en sprekt yn in aaifoarmich apparaatsje in boadskip yn: "Betty, bringst efkes twa kofje op myn kantoar?"
Wy sitte swijsum foarinoar oer. Allinnich it tikjen fan 'e klok ferbrekt de stilte. Ik sjoch de grutte wizer ferspringen nei de tolve. Op datselde stuit klinkt in aaklik skel lûd daverjend troch it gebou. Men soe der kjel fan wurde. It liket wol in brânalarm of sokssawat. Mar ik begryp dat it gewoan it einsinjaal fan it kofjeskoft is.
"De mannen moatte wer oan it wurk," sis ik, om mar wat te sizzen en om de stilte te ferbrekken, dy't nei dat rotlûd wer opnij begûn is.

Woudstra ferbetteret my: “Se meie wer oan it wurk.” Der ferskynt in bazich trekje op syn antlit.
Sa giet it hjir dus, wit ik no.
Betty, itselde frommeske dat my niiskrekt by myn kommen te wurd stie, komt deryn en set in blêd mei twa koppen kofje, in pantsje mei sûkerblokjes en in fleske kofjemolke op Woudstra’s buro. As se fuortrint, sjoch ik har nei. Ik ûntdek dat se krekt sokke skuon oan hat as de nijsten fan Tanja. Dat bin ik dan wer. Altyd each foar sokke details.
As de doar efter har tichtklapt, komt Woudstra ta de saak. “Brewo b.v. is in solide bedriuw. Wy meitsje hjir kwaliteitsprodukten. Foar ús pompen, koppelingen en appendaazjes is en bliuwt in soad klandyzje. Us ôfnimmers komme út alle hoeken fan it lân en ek út België en Dútslân.”
Ik knik ynstimmend en begripend en doch krekt as haw ik bewûndering foar him. As sjoch ik by him op.
“Nettsjinsteande de krisis bliuwt de fraach nei ús produkten grut,” preket Woudstra fierder. “Wy kinne it wurk mar kwalik oan. No ja, it wurk slagget wol. Mar it bywurk, dat bliuwt op ’t heden gauris lizzen.”
It bywurk? Wat soe er dêrmei bedoele? Dat wol ik him freegje, mar ik krij de kâns net.
“Dat wy kinne der wol in mantsje by brûke foar alderhanne putsjes,” ferfolget er.
Mantsje? Putsjes? Wêr soe er op út wêze? Wêr wol er my foar brûke? Ik freegje my fan alles ôf, mar freegje noch neat. Earst komt hy mei twa fragen. “Wat kinst? En bist breed ynsetber?”
Hy wachtet myn antwurd net ôf, mar seit dat er my earst it bedriuw sjen litte sil. “Dan witst wêr’t it om giet.”

Hy lit my hast alle hoeken en harnen fan it bedriuw sjen. Mar

al frij gau wit ik wat hjir te rêden is. It is op in soad plakken in grutte rotsoai. Hjir is blykber yn gjin tiden fatsoenlik opromme.
"Do sjochst wol dat in pear helpende hannen hjir nuttich wurk dwaan kinne!" ropt er my oer it lûd fan it masinepark hinne ta.
"Sa is it!" balt ik werom.
Opnij fiel ik hoe't ik besjoen en taksearre wurd. De mannen binne no wer oan 'e slach, mar tusken de bedriuwen troch hâlde se my skerp yn 'e gaten. Op in pear meter distânsje efter Woudstra oan panderjend fiel ik my in net winske frjemdling yn dizze wrâld, dy't suver fijannich op my oerkomt. As wy de produksjeloads ferlitte en foar de twadde kear yn 'e beslettenens fan Woudstra's kantoar belâne binne, fiel ik dat opnij as in opluchting.

Efter syn buro makket Woudstra der net mear in protte wurden om smoarch.
"It is dúdlik, nim ik oan. Hjir moat opromme wurde. Dat foaral. Bist breed ynsetber, no? Want bytiden soest ek yn 'e produksje meidraaie moatte. Sa'n mantsje moatte wy hawwe." Hy sjocht my oan as makket er in ynskatting. Dan ferfolget er: "Hast genôch ûnderfining mei draai-, frees- en konstruksjewurk, nim ik oan."
"Dat is eigenlik myn wurk," begjin ik wifeljend. Mar ik krij gjin romte om fierder te gean. Hy is my in slach foar. "Moai, dan hawwe wy in reserve foar drokke tiden."
Ik hear syn relaas swijend oan. Hy hat it wurd. Ik haw it neisjen. Hy is de baas. Ik bin... Och ja, ik bin it mar.
Ik soe no beare moatte oer myn talint en myn spesjalismen. Myn skerp each foar details en myn feardigens yn it lêzen fan de meast komplekse konstruksjetekeningen. Myn ynset

en myn mentaliteit, myn kollegialiteit en myn redsumens by pech en tsjinslaggen. Mar ik bin dêr net goed yn. Sa kin ik net oer mysels prate. En hjir, yn dit kille en fijannich oerkommende gebiet, kin ik dat al hielendal net. Ik wol dat hjir trouwens net iens kinne. As ik my ergens net op myn gemak fiel, kin en wol ik neat mear.
In 'mantsje' mei ik hjir wurde en in 'reserve foar drokke tiden'. It fljocht my oan. It alderleafst soe ik no sizze wolle: "Dit ferpof ik!" En dan sa gau mooglik hjir wei, de frijheid yn!
Mar ik bliuw sitten dêr't ik sit. Woudstra skriuwt wat getallen op in briefke, dat er my op it buro taskoot. "Dat kinst earst fertsjinje. Nije wike begjinne. Twa wiken op proef. Dêrnei prate wy fierder."
As ik de bedraggen lês, sakje ik noch fierder yn 'e bedelte. Sa'n leantsje, it is gekoanstekken, hast in belediging. Mar ik toan myn wiere wêzen net. "It liket my wol wat ta," liich ik. "Mar ik wol der even oer neitinke. Jo hearre it moarn fan my."
"Fansels, dat is begryplik," seit Woudstra freonlik. Sa haw ik him noch net sjoen. Ik leau dat er tinkt dat er my al yn 'e bûse hat.
Wy fûstkje wer en dan mei ik fuort. Ik moat wer troch de romte dêr't Betty sit te typen. Ik fiel har eagen yn myn rêch as ik nei de bûtendoar rin. Wat soe se fan my tinke?
Wy groetsje mekoar en dan gean ik nei bûten. Dêr fielt it krekt as kom ik nei in lange straf út 'e finzenis. Ik fiel it yntinser as oait tefoaren: it gefoel fan frijheid.

Haadstik Fjouwer Klaasgefoel

Tanja is suver oplibbe, nei't se yn 'e fernijde Spar-supermerk mear oeren en foar in part ek oarsoartich wurk krigen hat. Se is no foar in part fan har wurktiid ien fan 'e twa fêste oansprekpunten yn it nije klanteservicepunt en dy taak leit har tige. Se kin goed mei minsken omgean, seit gjin wurd tefolle en gjin wurd temin, is alert en wit fan 'e measte fêste klanten de oanwensten en gewoanten. Se is dêr op har plak en genietet fan 'e wurdearring dy't se kriget.

Mar dan ik. Wat foegje ik dêr noch oan ta as wurkleaze. Heal út 'e gek, mar mei in serieus ûndertoantsje, fergelykje ik ús situaasje wolris mei dy fan Claus en Beatrix. Dy neam ik dan Klaas en Beitske. Beitske mei der wol wêze. In jiermannich lyn hat se de lieding fan ús lân oernommen fan har mem. Se makket no manmoedich har plak skjin. Mar wat is de rol fan Klaas yn dat ferhaal? In lyts byroltsje, mear is der foar him net weilein. Dêr komt noch by dat er in Poep is en dat wurdt him net troch elkenien yn tank ôfnommen. De oantinkens oan '40 – '45 binne noch te farsk. Soks leit sa gefoelich.
Ik bin gjin fan fan 'e Oranjeclan, mar foar Klaas meitsje ik in útsûndering. Ik fyn it in sympatike man. Miskien is er wol té aardich. Neffens my soe Klaas folle better ta syn rjocht komme yn in sjofel wâldhûske mei wat hinnen en geiten om 'e doar as yn dy heechoppige paleizeklyk. Hy fielt him dêr oer en tefolle, tink ik gauris. In figurant yn in dekor dat sines net is. Wat moat dat in raar gefoel wêze.

Mar troch in selde soarte gefoel wurd ik ek omraak pleage. It Klaasgefoel neam ik it mar, as Tanja my wer ris freget